

From: "Griffie" <griffie@leeuwarden.nl>
Date: 9 Mar 2021 07:32:43 +0100
To: "Documentenbeheer" <PDI@leeuwarden.nl>
Subject: FNP schriftelijke vragen FW: Schriftelijke vragen 8 maart 2021.doc
Attachments: Schriftelijke vragen 8 maart 2021.doc, ATT00001.txt

Inboeken op vakafdeling

-----Oorspronkelijk bericht-----

Van: Veldstra, Lyda <lyda.lantinga@leeuwarden.nl>

Verzonden: maandag 8 maart 2021 22:18

Aan: Griffie <griffie@leeuwarden.nl>; College B&W <collegeBW@leeuwarden.nl>; Raadsleden <raadsleden@leeuwarden.nl>; Fractieassistenten Leeuwarden <fractieassistenten@leeuwarden.nl>

Onderwerp: Schriftelijke vragen 8 maart 2021.doc

Acht kolleezje,

Bijgeand skriftlike fragen fan de FNP Fraksje Ljouwert.

Mei freonlike groetnis,

FNP Fraksje,

Lyda Veldstra-Lantinga



Grou, 8 maart 2021.

Acht Kolleezje,

Ynliding:

De FNP Fraksje Ljouwert fynt it tige spitich dat de kreet: “Ja Jongu Nee Juh “ en “Ja Jongu Nee juh “, dizze wike al ferdwine sil.

Krekt dizze spreken binne in ikoan op it Saailân yn Ljouwert wurden.

It is de ferbining mei de Taal en ynwenners yn dizze stêd en gemeente Ljouwert sichtber te meitsjen.

De letters wiene it byldmerk yn it kader fan de kultúriële haadstêd yn 2018 en kamen hieltiten faker werom yn de bylden fan Ljouwert,

No't de eigner Rjochtbank Noord – Nederlân besletten hat de letters te ferwiderjen omdat der in nije glêswosk ynstallaasje pleatst wurde moat op de rjochtbank en de appartementen aldus de wurdfierder fan de neamde rjochtbank yn de LC.

Wy roppe it kolleezje op om op koarte termyn kontakt te sykjen mei de Rjochtbank Noord-Nederlân om te foarkommen dat de letters yn de opslach bedarje.

Fragen:

1. is it kolleezje ree om yn kontakt te treden mei de Rjochtbank, de keunstner Marten Winters en de betinker Aad van Altena om in nij plak te sykjen foar de letters: Nee Jongu Ja Juh en Ja Jongu Nee juh,
2. As suggestje drage wy oan : Is it Kolleezje ree om te ûndersykjen of it mooglik is de letters werom te pleatsen yn de buurt fan de Aldehou? Wy tinke dan oan pleatsing op it Gemeentehûs, it gebou fan Tresoar oan de Griene wei of yn de buurt fan de Prinsentún ?
3. Is it kolleezje ek mei de FNP fraksje fan miening om de letters sa gau as mooglik werom te pleatsen ek sjoen nei de Legacy LF2028?

Graach soene wy op koarte termyn antwurd hawwe wolle op boppesteande fragen.

Mei freonlike groetnis,
FNP Fraksje Ljouwert.

Lyda Veldstra-Lantinga

Verstuurd vanaf mijn iPad